

# Tryaterkryst fol optimisme



Karlsson vliegt met zijn propellor op de rug over het toneel.  
foto Bas de Brouwer

As it om optimisme en fertrouwen yn 'e takomst giet – in wichtige eask dêr't in krystfoarstelling as it eefkes kin oan foldwaan moat - oertreft *Karlsson fan it dak* fan Tryater de stoutste ferwachtingen. De foarstelling einiget mei njoggen minsken dy't net gewoan lokkich binne, mar dy't yn har soort ek nochris stik foar stik de bêste fan 'e wrâld binne.

Karlsson is yn it oeuvre fan Astrid Lindgren sa bekend net as Pipi Langkous en Ronja de Rôversdochter. It hat in gouden idee fan Tryater west om dêr, alteast foar Fryslân, wat oan te dwaan. It swierlivige mantsje dat mei in propellor op 'e rêch op in dei samar de keamer fan de wat iensume Erik Erikson ynfleant, tsjûget net allinne fan in sterke skriuwersfantasij, it slút ek prachtich by de fantasij oan fan bern. Hokker jonge fan njoggen jier dreamt net fan sa'n freon dy't alles kin en alles doart?

Oft Karlsson – de bêste Karlsson fan 'e wrâld - echt bestiet, is net belangryk. As er in betinksel is, is er ommers wol it bêste betinksel fan 'e wrâld. En dus is er foar Erik de bêst mooglik helper om de oandacht fan syn âlden en fan oaren te winnen en om mear selsfertrouwen te krijen.

Skriuwer Wessel de Vries, regisseur Tatjana Pratley en de foarmjouwers hawwe it ferhaal mei in fantasij en in humor, Astrid Lindgren weardich, bewurke foar it teater. Húsdakken, doarren, itenstafels, se sweve like maklik troch de romte as Karlsson fleant. En spesjaal foar de heiten de memmen rinne der twa ynbrekkers om dy't funksjonearingspetearen fiere en serieuus dwaande binne mei de kearnwearden fan har fak.

Mei syn bliere útstrieling jout Lourens van den Akker de freugde en de ferwûndering fan Erik moai en oertsjûgjend stal. De oare spilers sette harren personaazjes lekker fet, berneboekyllustraasjes gelyk, del. It meast hilarysk is Eelco Venema as Hilda Mus; komysk hichtepunt is de leafdessêne fan frou Mus mei de troch Joop Wittermans spile omke Julius.

In foarstelling dus dêr't heit en mem de bern en harsels in pear noflike oerkes mei besoargje yn de krystfakânsje. En dêr't se nei ôfrin fol optimisme en fertrouwen útkomme.

SIETSE DE VRIES

---